# Alders oer Tomke

## It effekt fan Tomke op de taalûntwikkeling fan pjutten yn Fryslân.



### It Tomke-projekt

Tomke is in Frysk foarlês- en taalstimulearringsprogramma foar bern fan 2 oant 4 jier. Yn alle materialen en aktiviteiten stiet it jonkje Tomke sintraal. Mei Romke, Kornelia en Yana Yu belibbet hy aventoeren dy't ticht by it deistich libben fan pjutten steane.

It projekt wol âlders en professionals oansette ta it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. Foarlêze, ferskes sjonge, (taal)spultsjes en oandacht foar de deistige saken binne wichtich foar it lizzen fan in goede taalbasis. Dat jildt foar alle talen, dus ek foar it Frysk: bern dy't harren memmetaal goed behearskje, kinne makliker in oare taal leare.

Tomke bestiet goed 20 jier. 345 âlders ha harren ûnderfining en miening dield: hoe brûke se Tomke, wat fernimme se by de bern en wat fine sy belangryk?

**98%**
fan de âlders is bekend mei Tomke.

### Alders kenne Tomke fia:




'Wy krije it Tomke-boek fan de pjutte-opfang en it wurdt kapot lêzen'

### Populêrens foarlêsaktiviteiten:




'Mijn zoon is nog net geen 2 maanden. In de toekomst zal ik wel gebruik gaan maken van Tomke, ook al ben ik zelf niet Friestalig opgevoed.'

**92%**
fan de âlders hat thús ien of mear Tomke-boekjes en 92% dêrfan lêst dêr geregeld wei út foar.

**76%**
fan de âlders fynt it belangryk dat de foarskoalske foarsjenning fan harren bern gebrûk makket fan Tomke.

### Troch Tomke:




'Ik wit net better as dat Tomke der is.'



### Alders fine it belangryk dat Tomke:




de Fryske taal stimulearret | meartaligens stimulearret | foarlêzen stimulearret

**Links**

- Mear witte oer de resultaten fan it ûndersyk?
- Mear witte oer it Tomke-projekt?

afûk · Lezen Stichting Lezen · TOMKE · Bibliotheekservice Fryslân